

Tin iis

Wit hoe faak wurdt deroer klage, dat de jongere generaasje sa'n bytsje weet hat fan wat him hjir yn 'e jierren '40 - '45 ôfspile hat. Net sa'n grut wûnder: Sels hawwe se der neat fan meimakke en it tal âlden en learmasters (-essen), dat it bewust belibbe hat, wurdt alle jierren lytser.

No is der oer dy jierren fansels hiel wat skreaun (tink wat Fryslân oanbelanget allinne mar oan it mûnske wurk fan Piter Wybenga), mar de skiednisskriuwer jout út soarte feiten en syn visy dêrop. Hoe dramatysk dy feiten ek wêze meie, de minsken dy't se belibje, har fermiddens en eftergrûnen kin de skiednisskriuwer yn 't algemien net op yngean. Dat allegearre foar ús libje te litten is it wurk fan 'e histoaryske-roman-skriuwer. Dêrom is it sa'n skoandere saak, dat in Fryske skriuwster, Tiny Mulder, dy't middenyn de striid stien hat, der no ta kommen is en set dy tiid en dan benammen de minsken mei al har noeden en soargen foar ús del yn in hibbigje roman 'Tin iis' (305 siden). It is net samar, dat ik dit boek yn 'De Pompeblêden' nei foaren helje: dit is no krekt in boek om de opwaaksende jongerein op 'e skoallen foar fuortset ûnderwiis wat yngeander te beheljen yn ús jongste skiednis. It treflikste yn dy echte, folwoeksen roman is dat dy sjen lit, hoe't 'gewoane' minsken nei in earste moedige stap, it yn 'e hûs nimmen fan in Joadsk famke, wat langer wat mear yn it ûndergrûnske wurk behelle wurde.

'Van kwaad tot ...'

It ferhaal begjint yn 1942, as de heit yn 'e hûshâlding Jagersma seit, dat se der in famke by krije, net in lyste poppe, mar in Joadsk famke. Dat is beoardere troch de âldste dochter, Dineke, dy't al in set mei dat soarte fan wurk dwaande is. Dat is dan it begjin en fan 'e iene stap komt de oare. As Klaske, de twadde dochter, in skoft letter op 'e Ulo-skoalle in ynfoloefening makket, moat se laitsje by de siswize 'Van kwaad tot ...'. Sa is it omers by harren ek gien: it is begûn mei dat Joadske famke, mar no binne der ek al ûnderdûkers dy't holpen wurde moatte, K.P.-ers en sels delkommen piloaten. Dy Klaske is oan it begjin fan it boek noch in fanke fan fjirtjin/fyftjin jier en groeit dus yn 'e rin fan 'e oarlochsjierrren op fan healwoeksene ta jonge frou, dus ûnder hiel bysûndere omstannichheden. En krekt dy figuer hat de skriuwster as fertelster nommen. Dat is in nijsgjirrige opset, net allinne literair sjoen, mar ek as middel om de jongerein nijsgjirrich te meitsjen. Fansels komt men mei sa'n opset maklik op tin iis telâne, dêr't men wolris troch traapje kin. Hat de skriuwster faaks

ek dêrom dat tinne iis as titel foar har boek nommen?

Op sprong

As heit en mem Jagersma, Klaske en Jan de oare jûns sitte te wachtsjen op Dineke mei it Joadske famke, typearret de fertelster de sfear mei de wurden: 'Ik hie it gefoel, dat wy net smûk thús sieten, mar yn in stasjonswachtkamer, op 'e sprong om op reis mei ûnbekende bestimming.' In goed byld fan 'e stemming, mar oft it famke Klaske op dat stuit dat gefoel al sa hân hat? Efkes tink ik oan tin iis en wat wetter yn 'e klomp.



Tiny Mulder (foto FLMD)

It begjin fan 'e reis mei ûnbekende bestimming begjint al mei de fraach hoe't 'Anneke' —dy namme hat se al op in earder adres krige— foar famylje en kunde oer te plak skood wurde kin. Gelokkich hawwe Mem en Klaske lykas Anneke donker hier en brune eagen, dat wat dat oangiet rint se der net út. It hjit dan, dat se in dochterke is fan in neef fan heit út Beverwyk. Op it gemeentehûs wit Dineke wol ien dy't der foar soarget, dat Anneke as dochter yn Heit en Mem har trouboekje komt te stean, en nei kontakt mei it haad fan 'e skoalle kin Anneke ek nei skoalle ta. Dat is dus moai yn oarder en men soe sizze, dat bûten de pear fertrouwenslju gjinien ek mar in fermoeden hat fan Anneke har wier komôf. Mar op in goede moarn skillet Beppe Klaske har dochter dochs mar even op: 'Ik wol my net mei jimme saken bemuoie, mar der is in razzia geande. Dútskers sykje hûs foar hûs troch. It bêste.' Net allinne in moai

De Pompeblêden

Frysk tydskrift foar ûnderwiis en foarmingswurk útgeande fan de Algemene Fryske Underrjocht Kommisje (AFUK), de Fryske Akademy (FA), de Fryske Kultuerried (FK), it Mienskiplik Sintrum foar de Underwiisbegeliedingstsjinsten (MSU) en de Provinsiale Underwiisried (PU)
Utjefte: AFUK, postbus 53 te Ljouwert. Tel. (05100) 38045
Kommisje fan Behear:
P. W. Pietersen (FA, foarsitter),
drs. P. Hemminga (FK),
L. van der Ley (MSU),
A. Schaafsma (AFUK),
W. Olijnsma (PU) en
drs. R. Straatsma (skriuwer).

De Pompeblêden

Redaksje:

J. van der Weg-Laverman (FA),
J. W. Castelein (FK),
Henk Kuindersma (MSU),
S. de Jong (Stichting Leerplan
Ontwikkeling - SLO),
drs. A. H. Joustra (PU),
A. Toering-Schuurmans (MSU)
en A. Zantema (AFUK).
Einredakteur: H. de Boer
Meiwurkers: Kr. Boelens,
J. Boersma, J. Boersma,
mr. L. H. Bouma, drs. P. Breuker,
Ph. H. Breuker, Ben Eppenga,
Doeke Faber, Sytze T. Hiemstra,
Piet de Jager, J. Knol,
Douwe Kootstra,
Anneke van der Meulen,
Lieuwe Pietersen,
Wim van der Schaaf,
D. A. Tamminga,
G. H. Vledder, dr. K. de Vries,
D. Wiersma, W. Withaar,
Jehannes M. Wijnstra,
G. van der Woude en K. Zondag.
Setwurk: Carla van der Zee.

De Pompeblêden

Abonemintsjild f 25,— yn it jier.
bûtenlân f 30,—, oer te meitsjen op
postgiro 142 85 04 fan de AFUK te
Ljouwert. Betankjes allinne skriftlik
en foar 1 desimber.
Advertinsjetariven op oanfraach.